

Boaiemdelgong

Fraach: Foar de omkriten fan de boarlokaasje wurdt in boaiemdelgong ferwachte fan op syn heechst in pear sintimeter. By in oare lokaasje fan Vermillion yn 'e omkriten is de boaiemdelgong folle grutter. Hoe kin soks?

Antwurd: In proefboarring feroarsaket gjin boaiemdelgong. Dat kin wol it gefal wêze as in ierdgasfjild ienkear yn produksje nommen is. Dan nimt de druk yn de poarjes fan de stienlaach stadichwei ôf, wylst it gewicht fan de boppelizzende lagen gelyk bliuwt.

Dat liedt derta dat de stienlaach om sa mar te sizzen justjes yninoar drukt wurdt. Boaiemdelgong giet hiel stadich en docht him oer in lange perioade foar. It gas dat wy hoopje te finen sit yn in sânstienreservoir. Yn fierwei it grutste part fan de produksjefjilden op it fêstelân wurdt gas út sânstienreservoirs wûn. In sânstienformaasje is gauris minder gevoelig foar boaiemdelgong. Dat docht yn 'e praktyk ek bliken. Sûnt it út ein setten fan de produksje yn de jierren santich is de boaiemdelgong hieltyd binnen de foarsizzingen bleaun. Wy winne al sûnt de jierren santich gas út sokke formaasjes yn Fryslân. Mjittingen hawwe útwiisd dat de boaiemdelgong dêr binnen de grinzen bliuwt dy't foarsein wiene.

Ut de 'oare produksjelokaasje by Harns-Frjentsjer' dêr't hjir oan referarre wurdt, wurdt gas wûn út in oar soarte reservoir (boppekryt). Oer dy reservoirstruktuer is minder ynformaasje beskikber en dêrtroch is it dreger om in foarsizzing te dwaan. Dat de delgong hurder ferrint as ferwachte, wie foar ús oanlieding om de produksje dêr stil te setten oant wy genôch ynsjoch krigen hawwe yn de proses dy't har dêr foardogge. Earst as wy foar alle belanghawwende partijen genôch ynsjoch krigen hawwe om te praten fan in proses dat te behearskjen is, kin de produksje wer op gong brocht wurde. Undersiken en berekningen om dat ynsjoch te fergrutsjen wurde no útfierd.

Fraach: By Slochteren is de boaiemdelgong folle grutter as de ferwachtings by de lokaasjes fan de foarnommen proefboarrings. Hoe komt dat?

Antwurd: It ierdgasfjild yn Slochteren wurdt net troch ús produsearre en dêrom kinne wy dêr gjin antwurd op jaan. Wat al fan belang is dat de omfang fan it Slochterenfjild en de hoemannichte ierdgas dy't dêr produsearre wurdt fan in folslein oare oarder is as de fjilden dy't wy produsearre sille. It gasfjild yn Slochteren is stikken grutter as de hoemannichte gas dy't mooglik produsearre wurdt op de proefboarringslokaasjes dy't no neamd wurde. Elke ferliking mei Slochteren giet dêrom net op.

Fraach: Hoe hurd sakket de boaiem?

Antwurd: As de proefboarring útwiist dat it ekonomysk ferantwurde is en nim it gas dat dêr oanwêzich is yn produksje, dan sille wy dat gas winne. Fan dat stuit ôf soe de boaiem begjinne kinne te sakjen. De boaiemdelgong dy't dan foarsein wurdt is de totale delgong oer de hiele produksjeperioade. Wy geane út fan in produksjeperioade fan 10 oant 30 jier. Mei in ferwachte boaiemdelgong fan heechút in pear sintimeter yn dy perioade giet dat dus hiel stadich.

Fraach: Is de ferwachte boaiemdelgong fan inkelde sintimeters de maksimale delgong yn sa'n perioade fan tritich jier?

Antwurd: It is de ferwachte boaiemdelgong as gefolch fan de gasproduksje. Der is yn sa'n perioade ek sprake fan natuerlike boaiemdelgong. Fierder kinne har yn sa'n perioade fansels allerhande oare omstannichheden foardwaan dy't fan ynfloed binne op de boaiem yn dit gebiet, lykas it sakjen fan de grûnwetterstân.

Fraach: Hoe grut is it gebiet wêrbinnen sprake is fan boaiemdelgong?

Antwurd: Dat kinne wy earst mear spesifyk fêststelle nei de proefboarring. Rûchwei hawwe wy it oer in gebiet mei in straal fan twa kilometer. Oan de râne fan dat gebiet is de boaiemdelgong 0 sintimeter en yn 'e midden treedt de foar dy lokaasje neamd maksimale ferwachte boaiemdelgong op.

Fraach: Wa berekkenet de te ferwachtsjen boaiemdelgong?

Antwurd: Dat dogge wy sels. As wy ta produksje oergean wolle, tsjinje wy in winningsplan yn by it Ministearje fan Ekonomyske Saken. Us berekening fan de boaiemdelgong is in ûnderdiel fan dat winningsplan. It ministerie lit him advisearre troch it Steatstafersjoch op de Mienen, de Technyske Kommisje Boaiembeweging (TCBB) en TNO. Dy ynstânsjes toetse alle gegevens en dus ek ús berekningen. Wy begjinne net earder mei de gasproduksje as it ministearje ús winningsplan, en dus ek ús berekening fan de te ferwachtsjen boaiemdelgong, goedkard hat.

Fraach: Wat bart der as yn 'e praktyk bliken docht dat de berekkeningen net doge en de boaiem hurder sakket as foarsein?

Antwurd: As wy grutte ôfwikings konstatearje, nimme wy sels maatregels lykas okkerlêsten op ús produksjelokaasje tusken Harns en Frjentsjer. Fansels kin it ministearje ús ek oanskriuwe om maatregels te nimmen.

De berekking giet oer de ferwachting fan de boaiemdelgong oan 'e ein fan de produksjeperioade fan meastal tritich jier. Yn dy perioade fiert in ûnôfhinklik buro geregeld mjittingen út. Dy mjitfrekwinsje is ûnderdiel fan it winningsplan. De resultaten fan de mjittingen wurde trochjûn oan it Ministearje fan Ekonomyske Saken. As dy resultaten ôfwike fan de foarsizzingen yn it winningsplan, dan wurdt oerlein tusken ús en it Ministearje fan Ekonomyske Saken en harren adviseurs, it Steatstafersjoch op de Minen en TNO.

Fraach: De definitive berekking fan de ferwachte boaiemdelgong en it gebiet dêr't de eventuele delgong him foardwaan sil, kin net earder makke wurde nei de proefboarring. Hoe komme de omwenners te witten oft dy ôfwykt fan de rûzingsen dy't no jûn wurde?

Antwurd: Ear't wy ta produksje oergean kinne, moat de Minister fan Ekonomyske Saken it troch ús op te stellen winningsplan goedkard hawwe. De goedkarringsproseduere falt ûnder de Algemiene Wet Bestjoersrjocht en dat betsjut dat ús fergunningoanfraach in iepenbier stik is dêr't omwenners fan sizze kinne wat se derfan fine en dêr't beswier tsjin oantekene wurde kin. Wy litte ek yn ús omgean om op 'en nij in byienkomst foar omwenners te hâlden as wy ta produksje op dy lokaasje oergean sille.

Fraach: Is der gefaar foar ierdbevingen?

Antwurd: Us ûnderfiningen mei gasproduksje út sânstienreservoirs op de djipte en mei de omfang dy't wy by de nije (proef)lokaasjes ferwachtsje, leare dat der gjin ierdbevingen of ierdskokken ûntsteane.

Skea

Fraach: As ik skea haw oan myn hûs troch de aktiviteiten fan Vermilion, by wa kin ik dan terjochte?

Antwurd: Skeagefallen kinne jo melde by Vermilion. Skea dy't wy feroarsake hawwe, sille wy fergoedzje. Dêrta binne wy wetlik ferplichte.

Fraach: Hoe wurdt fêststeld dat de skea ûntstien is troch de aktiviteiten fan Vermilion?

Antwurd: Fan tefoaren litte wy in boukundige opname meitsje fan de wenningen oan de diken dêr't de transporten lâns geane. Op grûn dêrfan kin fêststeld wurde oft de skea troch de transporten feroarsake is.

Fraach: Is der kâns op skea as gefolch fan boaiemdelgong troch de produksje by de nije lokaasjes dy't neamd wurde?

Antwurd: Oft wy gas produsearje sille, hinget ôf fan de útkomsten fan de proefboarring. As de proefboarring útwiist dat it ekonomysk ferantwurde is en nim it oanwêzige gas yn produksje, dan geane wy derta oer om it te winnen. Fan dat stuit ôf kin de boaiem begjinne te sakjen. Wy rûze de delgong foar de lokaasjes dy't neamd wurde op op syn heechst inkelde sentimeters yn tritich jier op it djipste punt. Rûchwei hawwe wy it oer in gebiet mei in straal fan twa kilometer. Wy ferwachtsje net dat wenningen dêr skea fan hawwe sille.

Fraach: By ûngelikense setting ûntsteane skuorren yn net ûnderheide wenningen. Hoe grut is de kâns dêrop as gefolch fan de boaiemdelgong?

Antwurd: Boaiemdelgong uteret him oan it oerflak yn 'e foarm fan in skûtel. Us foarsizzings slane op de maksimale boaiemdelgong midden yn dy skûtel; de boaiemdelgong oan de râne fan dy skûtel is 0 mm. Sa'n skûtel hat in diameter fan in pear kilometer. By de wearden dy't foar de boaiemdelgong yn it sintrum neamd wurde is der foar in wenning binnen de skûtel gjin sprake fan ûngelikense setting dy't skuorren feroarsaakje kinne soe.

Fraach: Hoe kin ik oantoane dat skea ûntstien is as gefolch fan boaiemdelgong troch de produksje?

Antwurd: Dat is yn de Mynbouwet regele. Dêr is de Technyske Kommisje Boaiembeweging foar ynsteld. Dy komisje hat ûnder mear as taak om dyjingen te stypjen dy't skea hawwe fan boaiembeweging dy't mooglik it gefolch is fan mynbouaktiviteiten. As dêrom frege wurdt, bringt de komisje advys út oer de fraach oft der al of net in ferbân is tusken de skea en de mynbouaktiviteiten. De komisje advisearret ek oer de hichte fan it skeabedrach.

Fraach: Komt myn hús bryk te stean troch de boaiemdelgong?

Antwurd: As de útkomsten fan de proefboarring dêrta oanlieding jouwe en wy tastimming krije om ta gasproduksje oer te gean, ferwachtsje wy op grûn fan it ynsjoch dat wy no hawwe dat yn in perioade fan tritich jier de boaiem in pear sintimeter sakje sil op it dijpste punt. Dat is sa'n bytsje, dat de ôfwiking net te sjen wêze sil.

Fraach: Wêrom wurdt allinnich in boukundich rapport makke fan de wenningen oan de diken dêr't de transporten lâns geane en net fan alle huzen yn 'e omkriten fan de lokaasje?

Antwurd: By in proefboarring is der kâns op skea as gefolch fan transporten. Dat is de reden dat wy allinnich fan de wenningen dêr't de transporten bylâns geane in boukundich rapport opstelle litte.

Transporten

Fraach: Hoefolle frachtweinen binne nedich foar it oan- en ôffieren fan de boartoer?

Antwurd: Foar it oan- en ôffieren fan de toer binne 50 à 55 frachten nedich. It binne gewoane frachtweinen; der is gjin sprake fan útsûnderlik ferfier. Dy transporten binne oerdei. As der in proefboarring is, is it net ûnmooglik dat jûns of nachts ynsidinteele in frachtwein ris materiaal bringt of hellet.

Fraach: Wêr geane de transporten foar de lokaasjes dy't neamd wurde lâns?

Antwurd: Dêr hawwe wy oerlis oer mei de oanbelangjende gemeente. Pleatslike belangen kinne dêr yn meinommen wurde.

Fraach: Wurdt der rekken holden mei bern dy't nei skoalle ta geane?

Antwurd: Ja, wy besykje om der alles oan te dwaan om in proefboarring feilich ferrinne te litten. Alle suggestjes fan omwenners binne wolkom, dus ek it fersyk om ekstra omtinken te jaan oan bern dy't nei skoalle ta geane. Wy nimme graach maatregels en as dat nedich is foarsjennings op yn it transportplan dat wy yn oerlis mei de gemeente opstelle.

Fraach: Wurdt der rekken holden mei mooglike gefolgen foar liedingen dy't by de diken lâns rinne, û.o. gasliedingen, troch trillingen fan it transport oer de dyk?

Antwurd: As der lokaasjes binne dêr't liedingen lizze dy't gevoelich binne foar de transporten dy't dêrlâns gean sille, dan sille dêr maatregels foar nommen wurde. Wy sille trouwens gebrûk meitsje fan normale frachtweinen.

Lokaasje

Fraach: Is de lokaasje dêr't de proefboarring dien wurde sil ek de lokaasje dêr't yn de takomst de produksje wêze sil?

Antwurd: Ja. As wy oergeane op gaswinning, dan sil fan dy lokaasje ôf de gasproduksje syn beslach krije. De put dy't boarre wurde sil foar de proefboarring, wurdt dan brûkt foar de produksje.

Fraach: Hoe grut ferwachtsje jo dat it gasfjild is?

Antwurd: De proefboarring moat ús dêr mear dúdlikheid oer jaan. Op grûn fan de gegevens dy't wy no ta ús foldwaan hawwe, ferwachtsje wy in gasfjild oan te treffen dat ien oant inkelde fjouwerkante kilometers grut is.

Fraach: Hoefolle lûd is te ferwachtsjen fan de boartoer?

Antwurd: Op sa'n 300 meter ferwachtsje wy foar de boartoer ynklusyf aggregaat likernôch 46 dB(A). Op sa'n 40 meter is dat 65 dB(A). Dat lêste getal is ferlykber mei in gewoan petear.

Fraach: Hoe wurdt omgien mei floara en fauna yn 'e omkriten fan de proefboarringslokaasje?

Antwurd: Dêr't dat mooglik is hâlde wy dêr rekken mei. Foarôfgeand oan de proefboarring meitsje wy in ecoscan sadat wy witte watfoar floara en fauna oft der yn it gebiet is. Mocht dat nedich wêze, dan lizze wy oer mei natuerorganisaasjes hoe't wy ús wurk mei sa min mooglik negative effekten op de omjouwing dwaan kinne.

Fraach: Hokker faktoaren binne fan ynfloed op de kar foar de proefboarringslokaasje?

Antwurd: Wy stelle in tal betingsten oan de lokaasje, lykas de lizzing fan it oanboarpunt, de berikberens en de lizzing yn relaasje ta wenningen. Sa is it útgangspunt dat de lokaasje op syn minst 300 meter út 'e reek leit fan de wenning dy't it tichtstby stiet. Fierders hawwe wy yn in stikmannich gefallen al earder gearwurke mei in oanbelangjende gemeente op dit mêd, wat ek praktyske mearwearde hat. Wat úteinlik ek in wichtige rol spile hat is oft wy ta oerienstimming komme koene mei de eigner fan de grûn dêr't wy de boarlokaasje realisearje wolle.

Fraach: Der binne dus ek oare lokaasjes mooglik foar de boarring?

Antwurd: Oare lokaasjes hawwe ek yn byld west. Alles ôfwagend kieze wy úteinlik foar dizze lokaasje.

Fraach: It gebiet om Waaksens hinne blykt gevoelic te wêzen foar bliksemynslaggen en bolbliksem. Nei de proefboarring bliuwt in metalen buis yn de grûn efter mei dêrop in metalen stelsel fan ôfsluters. Sa'n konstruksje kin bliksem oanlûke. Dat soe ferfelende konsekwinsjes hawwe kinne, want de buis sit fol gas. Watfoar maatregels sille jimme nimme?

Antwurd: Dat dy lokaasje ekstra gevoelic is foar bliksemynslaggen en bolbliksem wie ús net bekend. Wy binne tige bliid dat jo ús dêrop wize. Wy sille der by it proefboarjen op tasjen dat de boartoer en de foarsjenningen dêromhinne goed befeilige binne tsjin bliksem. Mochten wy op dy lokaasje ek begjinne mei it produsjearjen fan gas, dan sille wy yn it ûntwerp fan de produksjeynstallaasje ekstra omtinken jaan oan befeiliging tsjin bliksemynslach.

Fraach: Oer de lokaasjes fan de foarnommen proefboarrings rinne gemeente- en provinsjegrinzen. Is dat fan belang?

Antwurd: Om in proefboarring dwaan te kinnen hawwe wy fergunnings en ûntheffings nedich. De gemeente op waans grûngebiet de boarlokaasje oanlein wurdt, is it foechhawwend gesach foar bestimmingsplan en boufergunning. Wy kieze de lokaasje sadanich dat der gjin gemeente- en provinsjegrins oerhinne rint. Wannear't wy ta produksje oergeane, hawwe wy in fergunning nedich fan de minister fan Ekonomyske Saken. Dyselde minister wurdt ek frege om it yn te tsjinjen winningsplan goed te karren. Foar de fergunning en it winningsplan binne gemeente- en provinsjegrinzen net fan belang. Allinnich lânsgrinzen binne fan ynfloed, mar dêr is hjir gjin sprake fan.

Fraach: Hoefolle lûd kin by in proefboarring ferwachte wurde?

Antwurd: Dat foldocht oan de wetlike easken. Om mooglike lûdsoerlêst foar te kommen kieze wy de posysje fan ús boarlokaasjes sadanich, dat de wenning dy't it meast tichtby is der noch op syn minst 300 m fan ôf stiet. Oft der by it ôffakkellen lûd produsearre wurdt, hinget ôf fan de fakkelynstallaasje dy't wy brûke. Hokker fakkelynstallaasje oft dat wurdt, is noch net bekend. Oar lûd dat by it oan- en ôffieren fan de boartoer ferwachte wurde kin komt fan de frachtweintransporten.

Planning en prosedueres

Fraach: Wannear sille de proefboarringen by Waaksens wêze?

Antwurd: Yn ús planning geane wy derfan út dat dat takom hjerst wurdt.

Fraach: Is it al wis dat der proefboarringen komme?

Antwurd: Om in proefboarring te dwaan hawwe wy fergunningen nedich. Boppedat moat it dêr jildende bestimmingsplan yn oerienstimming brocht wurde mei it brûken fan de grûn foar in proefboarring. Wilens de prosedueres dy't dêrfoar folge wurde rinne, binne der wetlike mooglikheden ta ynspraak, beswier en berop. Dêr spilet de oanbelangjende gemeente ek in wichtige rol yn. Net earder as wannear't alle prosedueres ôfrûn binne, kin in proefboarring begjinne.

Fraach: Stiet it al fêst dat der produsearre wurdt as de proefboarring útwiisd hat dat der ekonomysk winber gas fûn is?

Antwurd: Foardat der produsearre wurde mei, moat it Ministearje fan Ekonomyske Saken ús winningsplan goedkarre en moatte wy by itselde ministearje in miljeufergunning oanfreegje. Om in miljeufergunning te krijen rinne wy in prosedure fan de Algemiene Wet Bestjoersrjocht troch. Yn dy perioade bestiet de mooglikheid om beswier en berop oan te tekenjen. Earst oan 'e ein fan dy trajekten kin sprake wêze fan it produsearjen fan it gasfjild.

Fraach: Wat is de rol fan de gemeente?

Antwurd: De gemeente beslút oer de bou-aanfraach en it fersyk ta wiziging fan it bestimmingsplan. Wilens de prosedure foar it krijen fan de miljeufergunning foar de produksje rint, freget it Ministearje fan Ekonomyske Saken de gemeente om advys. De gemeente kin yn dy prosedure sels ek beswier meitsje of berop oantekenje.

De ynwenners sels kinne harren stânpunten, beswieren en beroppen yntsjinje. De gemeente toetst oft foldien wurdt oan wet- en regeljouwing, it gemeentlik belied ensfh. Mei yndividuele belangen kin en mei de gemeente gjin rekken hâlde. De gemeente hat gjin ekonomysk belang by dit ûntwikkeljen, mar tinkt der wol om om der as gemeente net minder fan te wurden.

Oare Fragen:

Fraach: Wat kostet in proefboarring?

Antwurd: Eltse proefboarring kostet yn totaal 5 à 6 miljoen euro. De kâns dat in proefboarring slagget is 1 op 3. Underfining wiist út dat fan trije proefboarrings dy't dien wurde mar yn ien gefal ierdgas fûn wurdt.

Fraach: Wat bart der mei de spjelfloeistof?

Antwurd: Dy wurdt brûkt om it boargrús nei de oerflakte te krijen. Op de boarlokaasje wurdt it boargrús derút seve mei skodseven en de floeistof wurdt op 'en nij brûkt by it boarjen. Nei it boarjen wurdt de floeistof weromnommen troch de leveransier en regenerarre.

Fraach: Kinne wetterhâldende grûnlagen meielkoar yn ferbining komme te stean troch it boarjen?

Antwurd: Foardat der boarre wurdt, wurdt in aparte buis de grûn yn heid dy't de besteande ûndergrûn en de wetterhâldende lagen dy't dêryn sitte, trochsnijt. Yn dy buis sit it boargat. De buis foarkomt dat der in ferbining ûntstiet tusken de ôfsûnderlike wetterhâldende lagen yn 'e ûndergrûn fia it boargat. Ien en oar wurdt yn it boarprogramma opnommen. It boarprogramma tsjinje wy foar goedkarring yn by it foechhawwend gesach ear't wy mei boarjen begjinne kinne. Dêrby wurdt troch it foechhawwend gesach ek sjoen nei de konstruksje fan de put dy't boarre wurdt om fersmoarging nei b.g. wetterhâldende grûnlagen út te sluten.

Fraach: Jout in produksjelokaasje hinder of oerlêst?

Antwurd: Underfining leart dat omwenners faak net iens witte dat der gas produsearre wurdt op in produksjelokaasje dy't soms al moai wat jierren by harren yn 'e buert is en dêr yn gebrûk is.

Fraach: Hoe is de ekonomyske ferdieling fan de ierdgasbaten?

Antwurd: By wet is fêstlein dat alle delfstoffen yn 'e boaiem fan it Nederlânske grûngebiet it eigendom binne fan it ryk. In konsesjehâlder is ferplichte om eventueel oanwêzich ierdgas yn syn winningsgebiet beskikber te stellen. As der ekonomysk winber ierdgas fûn wurdt, moat it dêrnei wûn wurde en ferkocht oan de N.V. Nederlandse Gasunie. De priis fan ierdgas is keppele oan de oaljepriis, mar rint dêr sa'n seis moanne op efter. It ryk is foar 50% dielnimmer yn it produksjegebiet. Fan de opbringsten floeit sadwaande 50% nei de steatskas en komt dêrmei te'n goede oan de Nederlânske befolking. Hoe't dat jild bestege wurdt, dêr beslút it ryk oer.